

**BIKENDE PSALMEN
EN GESANGEN**

YN IT FRYSK

PRIIS f 0,15

BIKENDE PSALMEN EN GESANGEN

YN IT FRYSK

UTJOWN YN OPDRACHT FEN IT
KRISTLIK FRYSK SELSKIP



FOARWIRD.

„Elk folk is fen Gods wegen hâlden, de Namme
fen de Heare great to meitsjen yn syn eigen tael.”
Alle formiddens yn Fryslân, hwa't dizze ropping
ynmoed is, wol dit boekje gerive.

It is in karlêzing út de meast bikende psalmen en gesangen.

*Om de romte koe de samler gjin mear opnimme.
De psalmen 27 : 5, 7; 33 : 6, 7; 43 : 3; 95 : 1, 2,
4; 105 : 1, 3; 111 : 2, 5 binne oernommen út „It Psalmboek Yn Fryske Biriming” fen A. Wybenga.
De dichter hat sels hjir en dêr hwet foroare. De oare psalmen en de gesangen binne forfryskings fen F. Schurer.*

Tank aan útjower J. Kamminga to Dokkum, dy't frij joech, gûn oer to printsjen út Schurer's „Lof fen alle tiden.” It oare is nij wirk fen de dichter.

*For it Haedbistjûr fen it
Kristlik Frysk Selskip,*

*de samler:
A. D. WUMKES,
V. D. M.*

PSALM 25 : 2, 5, 7.

Dêr 't ik taest yn nacht en tsjuster,
Wiis my sels Jins wegen, Hear;
Det ik, doarmer, 't heilspoar bjuster,
Ta Jins goede paden kear.
Nim my yn Jins wierheit mei,
Hâld myn gong by Jins genede;
Jo forwachtsje ik al den dei,
Jo binne al myn heil en frede.

Wis, Gods wei moat ljeafde hjitte,
Trou de paden dy't Hy giet.
Hjar, dy't nea Syn boun forjitte,
Elk dy't op Syn tsjûg'nis stiet,
'k Moat, dêr 'k jamk ta 't kweade kear,
Roufol oan Jins foetten sinke;
Om Jins grote Namme, o Hear,
Wol myn sünden net bitinke.

Dy't Him freezje yn ljeafde en trouwe,
Wirdt Gods ried en rykdom jown.
Krêft yn twivel, treast yn rouwe
Wytget wis hjar 's Heare boun.
'k Hâld myn each net ôf fen Him —
Hwer scoe 'k ea it heil oars fine?
Ienris scil Hy op myn stim
Ut it net myn foet úntwine.

PSALM 27 : 5, 7.

Myn herte lit my Jins bidoeling witte;
— Bring mei dyn bea dyn winsken foar Myn troan! —
Dat scil, dat moat ik dwaen — scoe 'k Jo forjitte?
'k Rop smeekjend Jo om heil en seine oan.
Forbergje dochs Jins oantlit net for my,
Wiis my net ôf, gean net Jins feint foarby!
Jo wiern' myn Help, Jo haw my faken redt:
O God, myn Heil, forstjut, forjut my net.

Hie 'k net fortroud, net leaud det my it goede
 Wer riizje scoe, det ik Syn ginst wer seach;
 Myn God, ho slim, ho bang wier 't my to moede!
 Oerstjalpe wier 'k fen leed en lêst en pleach!
 Hoopje op de Hear, Godljeavjend folk, mei moed,
 De Heare is trou, fen Him komt alle goed;
 Bliuw sterk; Hy komt, bisterket myld jim 't hert;
 Forwachtsje Him, forhoopje, en twiivlje net.

PSALM 32 : 3, 4.

'k Ha Jo, o God, fen al myn sünden spritsen;
 Myn kwea bikend, myn ûnrjucht net biditsen.
 Ik spriek: de Hear wol 't sizze hwa't ik bin.
 Do kamen Jo my mei Jins ljeafde tsjin.
 Derom scil elte fromme ta de Heare
 Yn bange tiid syn earme siele keare.
 Lit frij den streamen falle en floeden slaen,
 Hja rikke 'm net, hja kinne 'm neat mear dwaen.

Myн stins bin Jo o God, Jo wol my hoedje
 As need en ramp ûnbidich om my woedje.
 De blide jubel fen forlossing driuwt.
 Om 't feilich sté, dêr't nou myn siel forbliuwt.
 Ik wiis, ūnttein aan deads binaude skaden
 Oan iders foet de goede en sljuchte paden.
 Sa jow den acht, ik stel myn each op jim;
 Kear net jim wei fen God, mar folgje Him.

PSALM 33 : 6, 7.

De hege rie fen de iivge Heare
 Stiet jimmer fêst en bliuwt mei macht;
 Gjin minske kin Syn oerliz keare,
 Syn tinzen binn' fen slachte op slacht.

Lokkich, sillich binne
 Dy't hjar heil allinne
 Witte yn God, hjar rom,
 't Folk fen Him, de Heare
 Utkard ta Syn eare
 As syn eigendom.

De Greate Skepper dêr omhegen
 Sjucht út Syn ljochte himel wei
 Op 't minskeber syn winsk en wegen,
 Giet al syn wirk en wannel nei.

Ut Syn Keningstinte,
 D' ivich fêste wente,
 Lit Hy d' eagen gean
 Oer ús dwaen en dieden,
 Oer de twivelrieden
 Fen ús faei bisteau.

PSALM 42 : 1,3.

Langjend nei de koele streamen
 Skreaut it hart út droege kiel;
 Sa, út ierde dwelm en dreamen,
 Skreaut ta Jo, o God, myn siel,
 Dy't fen toarst, as 't hymjend hart,
 Nei de libb'ne God fortart.
 Hwennear scil ik yngong fine,
 Foar Jins oantlit wer forskine?

Nou, hwet bûchst' dy del, myn siele?
 Hwerom bist yn my oerstjûr?
 Wol wer 't âld bitrouwien fiele,
 Jow wer yn Gods hannen 't oer.
 Ja, Him loovje scil ik noch,
 Al myn bange tiden troch:
 Moat ik dildzje, moat ik lije,
 Ienris scil my God bifrije.

PSALM 43 : 3.

Lit, Hear, Jins ljocht en trou me oerskine,
 Wêz mei Jins wierheit noedzend nei;
 Lit my Jins berch, Jins hill'ge, fine
 Dêr't frommen hjar oan Jo forbine;
 Det me yn Jins wente in mylde dei
 Fol frede komme mei!

PSALM 47 : 3.

God fart machtich op
 Yn in jubelrop;
 By bazúngedroan
 Nimt de Hear Syn troan.
 Loft en wolk en wyn,
 Set Him psalmen yn,
 Ierde, draech de kroan
 Him, dyn Kening, oan.
 Himel, sé en wrâld
 Earje Syn biwâld;
 Sjong, det berch en fjild
 Fen Syn gloarje tilt.

PSALM 62 : 1, 4.

Myn siele is ta de Heare stil,
 Hja wachtet dimmen op Gods wil,
 Hy mei myn heil, myn taflecht hijtte.
 De klippe, dêr't myn hûs op stiet,
 De berch dy't broaz'let noch forgiet;
 'k Scil fen gjin fal noch wankling witte.

Myn siele, al stiet it noch sa slim,
 Swij Goade stil en rêt yn Him.
 Hy is net fier, Syn help scil blike.
 Ik wachtsje op Him, myn heil stiet fêst;
 Hy is myn stins, myn rots en rêt;
 Ik scil net wifkje noch biswike.

PSALM 65 : 1, 4.

De siter klinkt, de sangen rize
 Ut Sions stiltme wei;
 Der scil men God de tank biwize
 Unthjitten dei op dei.
 Jo, trouwe hearder fen ús bidden,
 Wol ek dit liet forsteaan.
 Sa mei wer 't folk út elts formidden
 Dêmoedich ta Jo gean.

In stream fen sünde en euvle dieden
 Dreau tiden lang my mei.
 Mar ús oerhearrich tsjinwar bieden
 Wirdt yn Jins ljeafde wei.
 Wolsillich dy't J' yn útkar nimme
 Om poppe al 't ierdsk gerûs
 To harkjen nei Jins eigen stimme,
 To wenjen yn Jins hûs.

PSALM 68 : 10.

Sjong Goade lof aloan en wei.
 Hy wol ús jimmer, dei op dei,
 Syn ginst en trou biwiizje.
 Dy God is al ús sillichheit;
 Hwa scoe dy heechste Majestiteit
 Den net mei earbied priizje?
 Dy God bringt ús it heil folstein;
 Hy wol út goedens sünden ein
 Us siel ta 't libben liede.
 Hy kin en wol yn 't bangste wea,
 Sels by it wanken fen 'e dea,
 Wer seine en útkomst biede.

PSALM 72 : 2, 11.

De bergen scille frede drage,
 De dunen rjucht en wet,
 Oer de ierde skynt in nije dage
 As hja Gods biedwird heart.
 It earme folk scil net mear lije;
 Hy wol hjar redding jaen.
 Hy scil illindigen bifrije,
 En dy't fordrukt fordwaen.

Syn Namme de eare en iivge romme,
 Syn lof riiz' nacht en dei!
 De wrâld forsteaan myn sang, en komme
 Mei Amen, Amen nei.

PSALM 73 : 12, 13.

Nou wit ik, ljeave Heare, tonei
 Det 'k altyd by Jo bliuwe mei.
 Jo hawwe yn need en bange smerte
 Myn rjuchterhân ta redding fette.
 Jo scille yn trou dy't nea forgiet
 My liede en drage troch Jins ried
 En opnimme út dit ierdsk bisteane
 Om ta Jins hearlikheit to gean.

Hwa bûten Jo kin my foldwaen?
 Hwet scoe my ierde ef himel jaen?
 Hwer bûten Jo scoe 'k earne hinne?
 By Jo is heil, by Jo allinne.
 Biswykt den ea, yn bittre smert
 Ef bange need myn flesk en hert,
 Yet scil Jo wêze for myn moed
 Myn rots, myn diel, myn ivich goed.

PSALM 84 : 1, 2, 3, 4, 6.

O, Hear, dy't macht en heech biwâld
 Oer alle folk op ierde hâldt,
 Ho ljeaflik dochs Jins wenten binne!
 Myn hert wirdt djip yn my oerstjûr,
 Fen barnend langstme rint it oer,
 Nei 's Heare foarhôf lükt it hinne.
 Myn siele en bloed, út bang bislot,
 Hja geije ta de libb'ne God.

Hjir fynt de faeije fûgel rêt,
 De skouwe swel it feilich nêst,
 Bitroud for him en for syn jongen.
 Hjir is myn doel en myn bigear,
 Hjir stean Jins hillige alters, Hear,
 Hjir romje ik 't heil, fen Jo üntfongen;
 Hjir bring ik libben, ljeafde en lot
 Ta Jo, myn Kening en myn God.

Wolsillich elk, dy't from fen hert
 Op God syn sterktme en hope set
 Dy kart de wolbibane wegen.
 Al rint troch moerbeidelte tein,
 Hjar moed toloar, hjar kréft tonein,
 Al barnt de sinne gleon omhegen;
 God bliuwt hjar springboarn oan it paed,
 Syn reinfal rüzet oer hjar haed.

Hjar kréft hat nije kréften woun,
 Hja geane en scille yn sillich boun
 Op Sions berch foar God forskine.
 O Hear, dy't wit fen al myn wea,
 Wol harkje nei myn dimm'ne bea
 En lit my net yn 't leed forkwine;
 Jow útkomste út myn bitter lot,
 Forlos my, Jakobs greate God!

Hwent God de Hear, sa goed, sa myld,
 Is 't aller tiid ús sinne en skyld,
 Hy scil genede en eare skinke.
 Dy't mei oprjucht en súver hert
 Him folgje úntháldt Er 't goede net,
 Dy wol Hy mei Syn heil bitinke.
 Wolsillich, Hear, dy't op Jo bout
 En yn Jins hân syn libben jowt.

PSALM 86 : 3, 6.

Jo, o God fen ljeafde en frede,
 Fol ûntferming en genede,
 Ryk yn ginste en einleas goed
 For dy't sinkt yn need en noed —
 Ja, myn bea scil ta Jo klimme;
 Hear nei 't roppen fen myn stimme;
 Om Jins trou dy't nimmer eint,
 Merk op 't bidden fen Jins feint.

Lear my tins en wird en dieden
 Yn Jins rjuchte wei to lieden;
 Det ik ta Jins wierheit kom
 Inkelfáldich, sljucht en from,
 Loovje wol 'k, myn God, Jins namme;
 Hiel myn hert, yn lof üntflamme,
 Tsjüget fen Jins hearlichkeit,
 Sjongt Jins rom yn ivichheit.

PSALM 89 : 1, 7, 8.

Gods goedens scil ik sjonge en ivich hilde jaen,
 Rounom wol 'k fen Syn wirk en wierheit kindskip
 [dwaen.]

Ik sjuch it fêste bouwirk fen Jins ginstbiwizen
 Nei Jins folselein bistek yn ieu oan ieuwen rizen.
 De himel stiet en scil út syn bistân net wike:
 Sa min scil ek Jins trou ea wifkje ef biswike.

Ho sillich 't folk det nei Jins klanken harkje mei;
 Jins oantlit giet hjar foar en ljochtet oer hjar wei;
 Jins Namme is al den dei de blidens fen hjar herte;
 Jins goedens strielt hjar oan by alle leed en smerte;
 Jins ljeafde scil hjar liede yn 't rizen fen 'e dage,
 En Jins geruchtichheit hjar nei Jins hichten drage.

Jo dochs, Jo bin hjar kréftne kréft, hjar rom en ear;
 Jins frije ginste komt inkeld gloarje ta, o Hear.
 Wy hâlde ús holle omheech om frij de kroan to dragen
 Troch Jo, troch Jo allinne om 't ivich wolbihagen.
 Dêr't God ús skyld is, kin gjin fijan ús fordjerre;
 Us Helt en Kening is fen Isrels God ornearre.

PSALM 95 : 1, 2, 4.

Kom lit ús God, ús Heil, ús Goed,
Nou tankjend sjonge blier to moed,
Hy lit Syn swide ginsten blinke!
Lit ús dy Rots, yn fêst bistean,
Mei lof en liet tomiette gean,
Us psalmen moatte lûd wearcklinke.

De Heare is God, ús God is great,
Us Kening yn Syn hege steat
Giet alle goaden fier toboppe!
Syn hege hân bistjûrt de wrâld;
De djipten moatt' fen Syn biwâld
De bergen fen Syn almacht roppe.

De Heare is ús ta God en wy
Bin 't erffolk fen Syn hearskippij;
Syn skiep sa't Hy se weide en hoede.
Lit ider dos Syn stim forstea
En op Syn hill'ge wegen gean:
Hy skikt ús dêrre 't heil en 't goede.

PSALM 100 : 1, 2, 3, 4.

Sjong ierde en himel, sjong de Hear,
Doch bliid Syn tsjinst en bring Him ear.
Kom foar Gods oantlit mei gekläng
Fen harpe en hoarn en jubelsang.

Erken de Hear, jow tsjûgenis
Det God ús Heil en Skepper is.
Det w' inkeld yn Syn ljocht bistean,
De skiep, dy't yn Syn greiden gean.

Nim diel yn 't greate jubelkoar,
Det yngiet troch Gods wide doar.
Jow ta Syn gloarje hert en stim,
Ja priis Syn namme en loovje Him.

Hwent Gods genede, oer minskenlein
Is goed en great en sùnder ein.
Hofolle slachten komme en gean,
Syn trou en wierheit bliuwe stean.

PSALM 103 : 1, 2, 7, 8.

Sjong nou de Hear, myn siele, yn lof üntflamme,
Loovje al hwet yn my is, Syn hill'ge namme.
't Wêze al in jubelsang, by God forstien!
Sjong, sjong de Hear, myn siel mei alle krêften,
Bitink Syn trou, Syn tûzen goede jeften,
Bitink se tankjend en forjit net ien.

Dyn kwea woe hy forjaen, dyn wé genêze:
Safier koest net fen Him fordoarme wêze,
Ef altyd naem Syn ljeafde dy wer oan.
Hat ek de dea en 't wrede grêf dy drige,
De Hear lit dy wer frij ta 't libben stige;
Gods goedens is dyn heil, Syn trou dyn kroan.

Gjin ljeafde kin 't fen dizze ljeafde winne;
Gjin heit kin ea sa tear syn bern biminne
As God it folk bimint, fen Him forkard.
Syn ginsten, dy't oer al ús dagen geane,
Bin einleas great; Hy wit ho't wy bisteane;
Hy ken de stof, dy Hy bisiele hat.

Unwis en koart fen dûr is 't minskne wêzen:
 In fjildblom mank de grieene moarntiidsgerzen
 Sa flechtich blinkt en bloeit syn libbensdei.
 De wyn rint oan, it rûzet oer de raeijen—
 Dêr sjucht men blêd en bloeiselkroan forwaeijen,
 Der wyndert fen syn plak syn oantins wei.

PSALM 105 : 1, 3.

Sjong, loovje God mei siele en amme!
 Oanbid Syn hege en hill'ge Namme,
 Lit alle folk yn ider lân,
 De dieden witte fen Syn hân.
 En sprek mei oandacht fen Syn wei
 En sterke wünders dei by dei.

Fornim nei God, nei 's Heare dieden,
 Syn sterktme en kréft, Syn ginstryk liedien;
 Gean nei Syn oantlit al den dei,
 Gean al Syn wirk en wünders nei;
 Merk op Syn teikens, merk op 't pleit
 En achtsje op 't founis det Er seit.

PSALM 111 : 2, 5.

Gods wirken skittrje goed en great;
 Wy sjugge se yn hjar pracht en steat
 Hjar 't wêzen jown nei plan en reden;
 Al hwet Er docht is majesteit
 Is glânsryk heech yn hearlikheit,
 Syn rjucht bistiet yn ivichheden.

Syn wetten oan Syn ginstfolk jown
 Steane op Syn trou en de iivge groun
 Fen wierheit en gerjuchtichheden;
 Hy hat Syn folk forlossing stjûrd,
 Syn fêst forboun is 't ivich goed
 Ta hâld en stipe yn nacht en neden.

PSALM 116 : 1, 2, 3, 7.

God haw ik ljeaf; hwent Hy, dy trouwe Hear,
 Merkt op myn stim, myn bidden en myn klachten.
 Hy heart my oan by dagen en by nachten;
 Hy jout my help en rôdt my tûzen kear.

Wreed hie de dea syn bannen om mylein;
 'k Moast al syn driging en binaudheit fiele;
 De skrik fen 't dûnkre ryk foel oer myn siele;
 Do ha 'k op God myn biddende eagen slain.

Rêd, Hear, myn siel! Ik bin yn greate need!
 Sa wier myn bea. Do foun my Gods úntferming.
 De Hear is rjucht. Syn ljeafde en Syn biskerming
 Stean ivich as Syn himel oer ús leed.

Ho scil ik Him myn tank en hilde jaen?
 Hwer moat myn hert mei al dy seine keare?
 'k Scil by forlossings tsjelk myn Ljeaven Heare
 Forheegje, en fen Syn dieden tsjûgnis dwaen.

PSALM 118 : 1, 7, 11, 12.

Nou loovje God mei mûle en herten,
 En romje Syn barmhertichheit;
 Syn goedens hat gjin ein noch swetten,
 Syn goedens dûrret de ivichheit.
 Sizze Isrel nou, syn leed forgotten;
 Jow lof oan Gods barmhertichheit;
 Syn goedens hat gjin ein noch swetten;
 Syn goedens dûrret de ivichheit.

Myn help en sterktme is God de Heare;
 Hy is myn liet, myn psalmgesang.
 Yn Him is al myn heil en eare,
 Sa loovje ik Him, myn libben lang.
 Ut aller frommen tinten rize
 De tankbre psalmen op oer 't lân;
 Der sjongt men bliid, op nije wize:
 Greatdiedich is Gods rjuchterhân.

De stien, by 't boufolk net biachte
 En yn 'e mûrre in plak úntsein,
 Is hjir, al hie 't net ien forwachte,
 Forhege en ta in hoekstienlein.
 Hjir bline 't each yn 't ünderskieden
 Dit is it wirk fen 's Heare hân!
 To great for minsken bin Syn dieden,
 To wûnder for ús lyts forstân.

Dit is de dei, de rom der dagen
 De dei, fen God de Heare ús jown.
 Hjir hat, ho't stoarm en striid ús jagen,
 De siel wêr rêt en romte foun!
 Lit nou yn freugde ús psalmen klinke,
 De blidens wâlje út it hert!
 Wol, God, ús mei Jins heil bitinke!
 Unthâld, o Hear, Jins seine ús net!

PSALM 119 : 5, 65, 88.

Ho mei de feint, fen idelheit omjown
 Syn wiffe hert yn suverheit bisitte?
 Syn foet giet den allinne op fêste groun,
 As hy yn acht nimt hwet Jins wetten hijtte
 Sa lit my nea, o Hear, fen 't kwea oerwoun,
 Fordwale fen Jins wei en 't Wird forjritte!

Ho wûnderfol is Hear, Jins tsjûgenis!
 Dit scil ik trou biwarje yn myn siele.
 Jins wird giet iepen, en de tsjusternis
 Wirdt wei yn 't ljocht det fen Jins wetten striele,
 De ienfâldigen gean by dit wird sa wis,
 Det hja forsteane en djip Jins wetten fiele.

Heil, Kristen! oan myn iene
 En oare side is God;
 Dêr't w' ús forlitten miene
 Yn't ienlik leed, is God.
 Dêr trouwe frjeonehannen
 Net rôdde, dêr is God;
 Yn dea en deadske bannen
 Is God, en oeral God.

GESANG 17 : 1, 3, 6.

Dy't yn de goede God bitrouwe
 En hoopje op Him by nacht en dei
 Dy't yn Syn hân hjar libben jowe,
 Bliuwt Hy yn need en lijjen nei.
 Hy makket faek yn 't bangste wé
 In wûnder-hearlike útkomst ré.

Wêz stil, en swij dyn ljeaven Heare,
 Rêt yn Syn ried mei dimmen moed.
 't Scil alles ta dyn seine keare;
 Syn wil is 't dy't de wrâld bistjûrt.
 Hy hat ús ta Syn bern forkard,
 Hy wit hwet elts fenneden hat.

Hwa't yn Gods krêft syn plicht biachtet
 Giet sjongend troch in woostenij;
 Hwa't himels rike seine wachtet
 Dy fynt him eltse moarntiid nij.
 Lit w' yn bitrouwen fierder gean;
 God lit ús nea allinne stean.

GESANG 20 : 8.

Moat wy de tsjustre dea-wei gean
 Den lit elk ierdske frjeon ús stean.
 Mar Hy, de frjeon dy't nea wer skaet,
 Hy draecht ús oer det dûnker paed.

GESANG 22 : 1, 2, 3.

Rêst myn siele, God is Kening,
Hiel de greate wrâld Syn ryk;
Alles wikselt op Syn winken,
Mar Hy bliuwt Himsels allyk.

Alles driuwt hjir om foroaring
En biklaget se eltse dei —
Rikt ûnrestich ta de takomst,
Skriemt forteine tiden nei.

Rêst myn siele, God is Kening,
Wêz tofreden mei dyn lot.
Sjuch ho't alles hjir foroaret:
Dû, bigear allinne God.

GESANG 27 : 1, 2.

Lear ús, ho forboun aan de ierde,
Folgjen, Heit, dêr't Jo ús liede,
Rêsten op Jins trou en macht,
Psalmen sjongen yn 'e nacht.
Det wy nea Jins wird forjitte,
Trou folbringe hwet J' ús h jitte,
En, al kin wy de ein net sjen,
Stil wêze as Jins dimm'ne bern.

Lear ús yn fortrouwend witten
Oer gjin takomst yn to sitten,
Lear ús, ek by leed en tsjoed
Dochs to leauwen: God is goed.
Biddend weitsje, moedich stride
Rêstich biidze en klear bilide
Bliid yn hope gean ús wei —
Lear det Hear, ús elke dei.

't Is de Hear, op Hwaem wy bouwe,
Dy't it rjucht fen de earme wart,
Dy't yn ljeafde en mylde trouwe
Brea jowt elk dy't hûnger hat.
Der tirannen macht bitwingt
En syn finz'nen vrijheit bringt.

't Is de Hear, dy't de earme bline
't Tsjuster each wer iepen docht.
Dy't fordrukt, yn 't stof forkwine
Set Syn hân oerein yn 't ljocht,
En rjuchtfeardigen fen moed
Is Syn ljeafde great en goed.

Ivich Kening is de Heare;
Alle tiid en slachten lâns
Blinkt, o Sionsstêd, de eare
Fen dyn God yn iiv'ge glâns.
Rom en gloarje komt Him ta,
Priiz'je God, Halleluja!

DE TSJIEN GEBOADEN : 9.

Och, holden wy 't gebot yn eare!
Genede, o heechste Majesteit!
Wol ús troch 't leauwe yn Kristus leare
Om det to dwaen út tankberheit.

LOFSANG FEN ZACHARIAS : 1.

Bring lof de God fen Israël,
De Heare, Dy't Syn folk bisocht
En troch Syn ljeafderyk bistel
Forlossing wirke en vrijdom brocht,
In heilshoarn rjuchte Er op; Hy die
Sa't Syn ûnthjit oan David wier;
Syn heil kaem ús tomjritte;
Allyk Gods trou yn 't wird, fen âlds bigoun,
Yn der profeten mûle jown,
Mei 't fêst ûnthjit Him oan ús âffears boun.

JOUNSSANG EFTER DE PSALMEN : 7.

O Heit, det ús Jins ljeafde blyk!
 O Soan, meitsje ús Jins byld allyk!
 O Geast, fornij ús jimmermear!
 Trije-ienic God, oan Jo al de ear!

GESANG 3 : 1, 2, 3.

Jins Namme, greate God, moat lof en eare ha,
 Al 't skepsel, iiv'ge Heit, bringt Jo syn hilde ta.
 Lit Ingels, Serafs, Cherubs, Machten, Krêften sjonge,
 En riiz' fen de ierd Jins rom yn alle tael en tonge:
 Trij-iен'ge, Jo Dy't wierne, binne en wêze scille,
 Det fen Jins hearlikheit de hege himels tille.

De Apostels loovje Jo, forhearlike om Jins troan;
 Profeten tsjûgje lûd en priizje Jo aloan.
 De Hallels sjitte omheech út brede en blanke koaren
 Fen Martlers dy't for Jo yn bloed en bannen stoaren;
 't Is hiel Jins tsjerke, eft hja striidt ef triomfearet,
 Dy't Jo bilydnis docht en Jo yn sangen earet.

Lof hawwe de iiv'ge Heit op hege en blide toan,
 Lof hawwe Hy, Syn wiere en iennichstberne Soan,
 Lof ha de Hill'ge Geast, Hy wol ús treaste en riede
 En troch de nacht ús nei de ljochte himel liede.
 Lof siz nou eltsenien dy't siele hat en amme,
 Loovje ierde en himel nou Gods greate en hill'ge Namme.

GESANG 7 : 1, 4.

Op bergen en woastinen
 Yn sé en loft is God;
 Ik wit gjin lân to finen
 Ef dêr is oeral God;
 Hwer't ea myn tinzen sveven
 Ef stiigden, dêr wier God;
 Omleech en heech forheven
 Is God en oeral God.

PSALM 138 : 1, 3, 4.

Jo loovje ik út myn hiele hert,
 Det elts it heart,
 Mei harp en tonge.
 'k Wol by de goaden fen 'e wrâld
 Jins heech biwâld
 Yn psalmen sjonge.
 'k Scil, bûgd nei 't hillich Godsgebou
 Jins ljeafde en trou
 Yn 't liet bitinke;
 Hwent great lit Jo, greatmachtich Hear,
 Jins Namme en ear
 Oer alles blinke.

Lâns 's Heare wegen sjonge hja
 Him gloarje ta
 Foar alle folken.
 Great, great en hearlik is de Hear,
 Syn greatme en ear
 Giet oer de wolken.
 Mar God, ho heech, Hy jowt Syn treast
 Oan de earme geast,
 Oan 't dimmen herte;
 En ken fen fierren 't greatske dwaen
 Fen hwa yn waen
 Tsjin Him hjar sette.

Gean 'k troch binaudheits woostenij
 Jins trou wol my
 By 't libben sparje.
 Jins macht scil my op 't deadlik paed
 Tsjin fijâns haet
 En woedzjen warje.
 De Hear foltôget hwet er docht,
 Strak scil Syn ljocht

De nacht fortarre.
 Jins ljeafde God, hâldt ivich stân:
 't Wirk fen Jins hân
 Lit det net fare!

PSALM 139 : 1, 14.

Neat is biditsen, ivich Ljocht,
 For Jo, Hwaens each it al trochsjucht.
 Jo kenne, al hwer ik sit ef rin,
 Myn herte djipste doel en sin.
 Hwet ik bitocht, hwêr 'k ea oer drôge —
 Jo ha 't fen fierren al trochskôge.

Trochgrounje my en ken myn hert;
 Is, Hear, myn paed noch 't goede net,
 Gean 'k yet, forlaet fen ydle skyn
 Forkearde en frjemde wegen yn,
 Lit den Jins geast my helpe en riede,
 En op de iiv'ge wei my liede.

PSALM 146 : 1, 3, 5, 6, 8.

Lit de Hear, o frommen, klinke
 Liet en blide jubelsang;
 'k Scil Syn eare en rom bitinke,
 Priizje Him myn libben lang.
 'k Scil salang ik siken ha
 Sjonge Him myn lofsang ta.

Sillich hwaem, dêr't rampen drige,
 Jakobs God ta help forskynt;
 Dy't ho heech de neden stige,
 Treast by Him en taflecht fynt.
 Dy't, al wifket hiel de wrâld,
 Yn de Hear syn hope hâldt.

Det ta Jins lof myn siele libje mei,
 En lit Jins oardiel ta myn help forskine!
 Ik bin sa fier al by de keppel wei;
 't Fordwaelde skiep kin sels it paed net fine.
 O, siikje den Jins feint en nim him mei,
 En wol oan Jins bifel my ivich bine.

PSALM 121 : 1, 2, 4.

'k Hef ta de bergen de eagen klar;
 Ho frege ik nacht en dei:
 Hwer komt myn helpe wei?
 Myn helpe is inkeld fen de Hear;
 Fen Him, Dy't loft en ierde
 Ta stal en wêzen fierde.

Hy stjûrt dyn gong by wol en wea;
 Hy hâldt dy; Hy stiet noed
 For 't gliden fen dyn foet.
 Hy, Isrels wachter, slommet nea;
 Gjin kwea kin dy bireitsje,
 De Hear wol oer dy weitsje.

De Hear scil altyd by dy stean;
 Hy wit en laet dyn wei,
 Hy is dyn siele nei.
 Meist hein ef fier omfierrens gean;
 De Hear, hwer't lot dy driuwe,
 Scil ivich by dy bliuwe.

PSALM 130 : 1, 2, 3, 4.

Ut grounleas djip fendenne
 Rop ik, mei mûle en hert
 Ta Jo, myn heil allinne:
 Oanskôgje, o Hear, myn smert!
 Wol nei myn needrop hearre,
 Myn needrop út de nacht.
 Lit my net helpleas stjerre,
 Jow earen oan myn klacht!

As Jo ús sünden sochten,
 Us kwea, nei rjuchtlik lean,
 Foar d' iiv'ge warstâl brochten —
 O, hwa scoe den bistean?
 Mar Jo, Jo wolle ús frede
 En skildforjeff'nis jaen.
 Elk moat for dy genede
 Jo freezje en hilde dwaen.

Ik wachtsje ús Ljeaven Heare,
 Myn siele toevet Him;
 En dimmen wol hja leare
 To harkjen op Syn stim.
 Myn siele, út nacht en dizien,
 Sjucht trou de himel oan,
 As wachters biidze 't rizen,
 It rizen fen 'e moarn.

Wachtsje op 'e Heare, o frommen;
 Is Israel forslein
 Forlossing stiet to kommen,
 Gods goedens hat gjin ein.
 Hy makket yn geneden
 Hiel Isrel ienris frij
 Fen úngerjuchtheden:
 Doch, Hear, sa ek oan my!

PSALM. 133 : 3.

Dêr't ljeafde wennet, wol God Sels forkeare:
 Dêr is it heil, de seine fen ús Heare,
 En 't libben oant yn ivichheit.

PSALM 134 : 3.

Det 's Heare seine wêz jim diel,
 Syn ginst út Sion jim bistriel;
 Dy 't great hielal yn wêzen brocht,
 Hy bliuwe yn ivichheit jim ljocht.

GESANG 28 : 2, 3.

Is de need sa heech ek stige
 Det gjin minsk mear útkomst wit;
 Eangje net, ho swier bidrigie;
 Is de need sa heech ek stige
 Det gjin minsk mear útkomst wit;
 Tink det God dy net forjit.

Hâld yn bange en drôve dagen
 Al dyn hope allinne op Him;
 Rêst yn 's Heare wolbihagen.
 Hâld yn bange en drôve dagen
 Al dyn hope allinne op Him;
 Hy kin helpe; hoopje op Him.

GESANG 36 : 1, 2, 5.

Hearlike fornijing
 Wird fen sielsbifrijing,
 Heil, hwa't dy forstiet.
 Wird fen de Folsleine,
 Evangeelje-seine,
 Dy't ús 't libben biedt.
 Dy't ús seit:
 De sillichheit
 Fen in ûnforbritsen frede
 Bringt jim Gods genede.

Troch Syn fredeboaden
 Stjûrd nei alle oarden
 Ropt God sunders hjoed:
 Wol dit heil fornimme,
 God jowt ek oan jimme
 Frede yn Kristus' bloed.
 Ja de Hear,
 Scil folle mear
 As wy bidde, as wy tinke
 Oan ús sielen skinke.

Wird, det wy bitrouwe,
Wird dêr't wy op bouwe,
Evangeeljewird.
Bergen meije wike
Dû scilst nea net wike
Dû, Gods eigen wird!
Det w' o Hear,
Altyd mear,
Ho fen twivel dreaun en jage,
't Leauwe yn 't herte drage!

GESANG 38 : 1, 3.

Alle rom is bûtensletten,
Unfortsjinne is 't sillich lean.
'k Mei, fen Gods genede oergetten,
Romjend yn Syn ginste stean.
Ear't ik libben hie en amme,
Ear't Gods macht, ûnwitten great,
Wrâlden oprôp út it neat,
Neamde Hy my by myn namme.
God is ljeafde, o inglestim,
Minskemûle, loovje Him.

Sa woe God de minsken minne
Det Syn eigen Soan for ús
Gie troch 't grousumst lijen hinne,
Gie de gong nei't smaedlik krûs.
Do't wy yn sûnde en skande stiene
Is Gods eigenberne Soan
Under smaed en smerten stoarn,
Stoarn for ús, dy't sünders wierne.
God is ljeafde, o inglestim,
Minskemûle, loovje Him.

GESANG 39 : 1, 3, 4.

Jezus nimt de sünders oan!
Wol oan elts dit treastwird biede;
Jezus is for sünders stoarn,
Jezus wol op 't paed hjar liede
Hear it boadskip fen Gods Soan:
Jezus nimt de sünders oan.

Hy, de hoeder, trou en tear
Sjucht it skiep, út gerz'ge miede
Swalke yn 't wyldlân, toar en near;
Wol 't wêr nei de keppel liede.
't Helje út strûk en hagedoarn;
Jezus nimt de sünders oan.

Kom den allegear, ta Him;
Kom en lit jim siel genêze.
Jezus ropt jim, hear Syn stim:
Sünders meije Godsbern wêze.
Kom ta Jezus, ho fordoarn,
Jezus nimt de sünders oan!

GESANG 43 : 1, 6.

Heech, omhegen hert en siele!
Hjir op ierde is heil en ljocht.
Libben, lof en ljeafde fiele
W' inkeld dêr't men Jezus sjucht.
Hwet de wrâld oan rykdom winn',
't Is for 't kostlik hert to min.
Wolst yn ljeafde en libben diele?
Heech, omheech den hert en siele!

GESANG 46 : 8.

It Godslaem, slachte for de wrâld
Hat ivich rjucht to ûntfangen
De krêft, dy wysheit, 't heech biwâld
En tankbre lofgesangen.

GESANG 49 : 4, 5.

Al drouw't it leed, al wankt de smert,
Ik eangje net, mar klei it Him.
Ho heech en great, Hy heart myn stim
Ho fier fen de ierd, Hy ken myn hert.
Gods Soan, dy't dochs de broer forstiet
Dy't Hy op ierde liet
Hy is myn hoop,
Hy wosk my mei Syn doop,
Wol tsjelk en brea my biede
En troch Syn Geast my liede;
Hy is myn hoop!

Hwer is in blidens, sa folstein,
Lyk dizze blidens, heech en great,
Dy't streamt út God en ta Him keart?
Dit hat gjin swettten, mjitte ef ein.
Yn Jezus leit myn libben fêst,
By God yn feil'ge rêst.
Hy bliuwt myn ljocht,
As d' ierdske dei fortsjucht.
Myn sangen, sjong Syn romme;
O, mocht Er ringen komme!
Hy is myn ljocht!

GESANG 50 : 1, 3, 4.

Halleluja, lit ús sjonge
Jezus Kristus, aller Hear!
Stim, forlostien, herte en tonge,
Yn de jubel ta Syn ear.
Him dy't rôdt fen alle kweaden,
Dy't wierhaftich, sterk en trou,
Fêstens bringt yn't Godsgebou.
Him, de Earstling út 'e deaden,
Him, dy't wâld oer alles hat,
Him, dy't alles earje moat.

Halleluja, 't jubelsjongen
Kliuw' ta Him troch alle tiid;
't Keninkryk hat Hy ûntfongen
As Syn lean op wirk en striid.
Loovje Him, oan't krûshout sleine,
Dy't ús ljeave oant yn 'e dead,
Om Syn ljeafde, ûntinkber great,
Om Syn Godlik mylde seine;
Him, dy't ús ûnhillich moed
Reinige yn Syn hillich bloed.

Halleluja, 't lofliet droane
Him, dy't ús fen twang bifrijt,
Us, mei Syn genede kroane,
Keningen en preesters wijt.
Dy't ús draecht oer bange tiden,
Dy't ús stjûr jowt troch Syn Geast,
Dy't ús, fen Syn krûsdea treast,
Weitsjen, bidden leart en striden —
Hearlikheit en heech biwâld
Komt Him ta fen alle wrâld.

GESANG 52 : 13.

Ivich, ûnbifiember Wêzen
Heit en Soan en Hill'ge Geast.
Jo to kennen, Jo to leauwen
Wêz' myn djipste hope en treast.
Sûnders meije yn Jins ljeafde
't Heechste heil en 't libben ha;
Amen, Godlik Evangelje,
Amen seit myn siel dêr ta.

GESANG 54 : 5.

O Hear, dy't al ús skilden tóge
Mei Jins üngrounber djippe smert;
Och, det ik by Jins krús oanskôge
De súnde fen myn eigen hert!
Mei al myn deuchd, myn goede dieden
Ha 'k neat dochs om my treast to bieden.
Op Jo is 't det 'k myn hope bou.
Sa lit my libje út Jins genede,
Sa jow my ek yn 't stjerren frede,
Myn God, dêr't 'k ivich op bitrou.

GESANG 58 : 7.

Rouwe stoarmen meije beare,
Rounom driig' de swarte nacht;
Ik bitrou ús Ljeaven Heare,
Oer myn heil hâldt Hy de wacht.
Moat 'k yn dizien taeste en riede,
'k Wit, Syn ljeafde scil my liede,
Drage út it dûnker wei
Yn Syn ivich ljochte dei.

GESANG 65 : 1, 2.

'k Ha Jezus ljeaf; Hy is myn krêft en ljocht.
Ik mei ta Him yn eangst en drôfnis keare.
Och, waerd dy Redder út illinden de eare,
De tankbre lof fen alle minsken brocht.

'k Ha Jezus ljeaf; Hy is for sünders stoarn.
Us straf droech Hy, gjin oardiel kin ús treffe.
Frijmoedich meij w' ús holle omhegens heffe
Syn Midlersdea brocht ús forlossing oan.

GESANG 83 : 1, 3.

God, inkeld Ljocht
Dy't wêzen sjucht,
For Hwaem gjin heimnis ditsen;
Sjuch ús, ünrein,
Fen skild forslein,
Fen tûzen sünden britsen.

Gjin útwei mear
As Jo, o Hear,
Jo scille ús net forstjitte;
Jins eigen Soan
Woe ta Jins troan
It paed ús iepen litte.

GESANG 90 : 1.

Det wy dizz' dei, o Jezus, wije
Oan Jo, ús Hear, mei liet en bea,
Nou't wy wêr bliid bitinke meije
Ho't Jo forriisden út 'e dea.
Rjuchtsje op Jins eare ús sin en siele,
Jins eare, dy't ús libben is;
Sa scille w' yn ús herten fiele
De krêft fen Jins forrizenis.

GESANG 96.

Halleluja, det rjue tank en eare,
Wysheit, krêft, oanbidding, rom.
Sa op ierde as yn 'e himel, Heare,
Ivich ta Jins troane kom.
Heit, bitink ús mei Jins ljeafde en frede,
Heite Soan, oerblinke ús Jins genede,
Mei Jins mienskip, Hill'ge Geast,
Amen, bliuwe ús iiv'ge treast.

GESANG 112 : 1, 6.

Dit is de dei, de blide dei
 Dy't ider Kristen fiere mei,
 Bitink dizz' dei, de wrâld yn 't roun.
 Al hwet troch Jezus wêzen foun.

Heil, Dy't yn 's Heare namme komt!
 Jins lof driuw' oer de himelromt' —
 Jo, fredekenig, âffears winsk,
 Jo, Heilân, rôdder, God en minsk.

GESANG 117.

Halleluja, lof de Hear,
 Heechste hymlen, jow Him ear!
 Ierde, sjong op hege toan;
 Oan de wrâld joech God Syn Soan.
 Jezus libbet! Frede op ierd;
 Al hwet is, wêz lof en liet:
 God hat yn de minsk bihagen!

GESANG 120 : 1.

Midpunt fen ús sielsforlangen,
 Treaster fen 't oerstjûre hert;
 Jezus, tsjûgje scille ús sangen
 Fen Jins ljeafde ier en let.
 Ta in skildige ierde kommen
 Ut Jins hill'ge himel wei,
 Ha Jo 't oardiel fen ús nommen
 Det ús treast en ljocht úntsei.

GESANG 123 : 1, 6.

Moast dêr myn Kening keare,
 Hy, affears heechste winsk?
 Is det Syn keningseare?
 Oanskôgje, eilaes, de minsk!
 Moat Hy yn 't spotklaed setten,
 Mei reid en toarnekroan,
 Draecht Hy dy smaed, dy smerten,
 Hy, God, Jins eigen Soan?

Ja, ik jild Him dy smerten,
 Ik teach det klaed Him oan;
 For my is Hy dêr setten
 Mei reid en toarnekroan.
 Ik sloech Syn rêch to blieden,
 For my moat Hy dêr stean,
 En om myn euvle dieden
 Troch 't grousumst lijjen gean.

GESANG 124 : 3.

Myn Forlosser lit oan 't krûs
 En Hy lit for my, ûnreine,
 My ta seine.
 Fen 'e flok stelt Hy my frij
 En Syn stjerren sillicht my.

GESANG 127 : 2.

De lêst woен' Jo, o Jezus drage
 Dy't om ús skilden op Jo lei.
 Jins midlerswirk hat God bihage,
 Hy naem fen ús Syn oardiel wei:
 Ho't wy, fordoarn, yn 't kwea fortize,
 Ek swirven fier fen Edens stream;
 De Heit woe sels de wei ús wize,
 En 't krûs waerd ús de libbensbeam.

GESANG 130 : 6.

Jezus, Jins forsoenjend stjerren
 Bliuwt it rēstpunt fen myn hert.
 Keart strak alles ta fordjerren
 Yet ūntfalt Jins ljeafde ús net.
 Brekt myn each den yn 'e dea,
 Stiet it deaswit op myn lea,
 Det Jins bloed my den genêze,
 En by God myn frijspraek wêze.

GESANG 137 : 1, 6.

Jezus libbet; wy mei Him;
 Dea, wy bin dyn skrik to boppe!
 Jezus libbet, en Syn stim
 Scil ek ús ta libben roppe,
 Libben út Syn krêft en Geast —
 Dit is al ús hope en treast.

Jezus libbet; by de dea
 Scil nou 't libben nij bigjinne.
 O, hjir kin yn stjerrenswea
 't Hert syn heechste frede winne.
 Jo, o Heilân, aldermeast,
 Jo bin al ús hope en treast.

GESANG 156 : 1.

Hâldt Kristus sels Syn tsjerke yn stân
 Lit den de hel mar woedzje.
 Hy sittend oan Gods rjuchterhân
 Scil hjar wol ivich hoedzje.
 Hy is yn al hjar wé
 Ta helpe en rédding ré;
 Syn almacht hâldt rounom
 De wacht oer 't Kristendom;
 Lit den de hel mar woedzje.

GESANG 160 : 1, 2.

Ure en dei en jier forrinne
 Lyk in skaed det skout oer 't lân.
 Nea gjin hâld kin 't herte winne,
 Neat op ierd hat fêst bistân.
 Op it paed dêr't w' ús bifine
 Bliuwt gjin ink'le foetprint stean;
 Al it hjoed wirdt strak forline,
 Mar hwet dien is, hâldt syn lean.

Slachten foar ús bin fortige,
 Op hjar grêven bloeije wy.
 Strak forbrekt de dea ús rige;
 't Minskdom waeit as leaf foarby.
 Moude, ieu oan ieuwen lêzen,
 Lei yn 't selde grêf forlern —
 Bûten Jo, o ivich Wêzen,
 O, hwet wier in minskebern!

GESANG 180 : 1.

'k Wol Jo, o God, yn tank bitinke,
 Jo lof jaen yn myn jountiidsliet.
 De sinne mei yn 't westen sinke,
 Jo bliuwe 't Ljocht, det nea forgiet.
 'k Mocht yn Jins ginst bigjinne en eine,
 Jo stienan as in Heit my by.
 O boarn fen myn oerfloedge seine,
 Sa'n mylde ūntfermer wiern' Jo my.

GESANG 189 : 4, 6.

For 't leauwen is gjin ding to wûnder
Us Heilâns wird bliuwt wier en wis.
Giet help fen frjeonen machtleas ûnder,
Nea fen in frjeon as Jezus is.
Hwet scoe Syn macht yn grinzen twinge?
De wrâld is fen Syn wûnders fol;
En Syn formogen kin folbringe
Al hwet Syn greate ljeafde wol.

Dy hoop moat ús yn 't leed forbliddzje;
De holle omheech, de kym is ljocht!
For hjar, dy't 's Hearre heil forbiidzje
Bin séen droech en bergen sljucht.
O sill'gens sùnder ein ef swetten,
O freugde, fier oer 't ierdsk forstân;
Der is de frjemdingskip forgotten
En wy, wy binne yn 't Heitelân.

GESANG 194 : 1.

Fen Jo o God allinne
Komt alle ding ús oer,
Fen Jo, ús heil en sinne,
Fen Jo, ús hâld en stjûr.
Jins ljeafde en trouwe minne
Is altyd nij en djûr —
Fen Jo, o God allinne
Komt alle goeds ús oer.

GESANG 198 : 1, 2.

De Hear is myn hoeder
'k Haw al hwet my lêst;
Syn hân scil my liede
Nei gerzige miede,
Hy fierst my al hoeden
Oan streamen fen rêst.

De Hear is myn hoeder,
Myn heil is Syn doel.
Hy laet m' yn genede
Nei kritten fen frede,
Hy hâldt my as 'k wifke,
Hy draecht my as 'k foel.

GESANG 199 : 1, 2.

Oerein, dy't dêr slipt mei de deaden, weits op,
't Is Kristus, dy't swiid oer dy ljochtet!
O hear nei Gods Soan, nei Syn noegjende rop,
Ear't ienris Syn grime dy rjuchtet!
Weits op en oerein, hwent de need is sa great —
Hwa kiest den, o dwaze, for 't libben de dead?

Oerein, dy't dêr slipt yn 'e sûnde, oerein!
De nacht is al tiden fortige.
Genedeljocht, earen fen wytgers foarsein,
Hat winnend de kimen oerstige.
De dei is mar koart en dyn ropping sa great —
Oerein út 'e sliep nou, weits op út 'e dead!

GESANG 209 : 1.

Heil, dû moarn dêr't Jezus op forrise,
Heil, dû blide earstlingsdei.
By hwaens ljocht de hel ta nacht forwize
En de dea toneate lei.
Heare Jezus, treast yn alle smerten,
Alforljochter, Jo, forljochtsje ús herten,
Diel ús sels de foarsmaek mei
Fen de iiv'ge sabbathsdei.

GESANG 229 : 1.

Der giet, út ierde dûnkre wolken
 In ivich ljocht de himel láns;
 Kom ta syn strieling, alle folken,
 En dû, myn siele, oanbid syn glâns.
 It scil de skaden swiid oerskine,
 De swarte skaden fen 'e dea;
 De nacht fen súnde scil fordwine,
 Genede spraet hjar moarntiidsrea.

GESANG 264 : 1.

God is in heech en sterk kastiel,
 In taflecht for dy't lije.
 Al wankt fordjer fen fjûr en stiel
 Syn macht scil ús bifrije.
 Mei driginge en fortoan
 Komt de âlde fijân oan;
 Syn rissing gloedet read
 Fen wredens, bloed en dead,
 Fen twang en tyrannije.

GESANG 265 : 1.

Kom fen boppen, Geast des Heare,
 Lit Jins seine, fol en goed
 Ta de drôve sielen keare
 Det hja lôgje yn Jins gloed.
 De ierde scil Gods gloarje sjonge,
 Jezus hildigje as hjar Hear,
 En de lofsang, altyd mear
 Riist yn alle tael en tonge
 Halleluja, Jo al de ear,
 Jo al de ear, Halleluja.

GESANG 270 : 1.

Ho kom ik Jo tomjritte
 O aller wrâld forlet,
 Ho scil 'k Jins namme h jitte
 O hope fen myn hert?
 Lit my fen Jins geast trochstreme
 Det ik, yn ljeafde wei,
 Myn Jezus rijucht bineame,
 Him weardich priizje mei.

GESANG 271 : 1.

O haed, mei wounen ditsen
 Biblet en bleek bistoarn,
 O haed, yn spot bistitsen
 Mei toarnen ta in kroan.
 Alear yn gloarje setten,
 Yn striel en himelgloed,
 Nou sa mei hún oergetten —
 'k Bring biddend dy myn groet.

GESANG 273 : 1.

Lit vrij dyn wegen liede,
 Jow al dyn soargen oer
 Oan Him, dy't loft en ierde
 Hâldt yn Syn wiis bistjür.
 Dy't stjerren, moanne en sinne
 Yn fêste banen laet,
 Lit nea syn bern allinne,
 Wit ek for dy in paed.

GESANG 274 : 1,2, 5.

Oerein, dy't leine en slommen,
Lear tiid en doel forstean!
De jountiid is op kommen,
De reis moat fierder gean.
Kom sterkje leauwe en moed!
De pylgersstēf yn hanner;
Us winke heger lānnen;
Sa wirdt it útein goed.

Hja scil ús nea birouwe
De kar fen 't smelle paed;
Wy kenne Him, de trouwe
Dy't ús yn ljeafde laet.
Us hope stiet op Him,
Us oantlit op de fierten,
De stēd mei gouden strijten,
It nij Jeruzalem.

Sa gean wy 't paed ienriedich,
Wy rikke elkoar de hân,
De ien' stipet de oar wirkdedich
Op wei nei 't Heitelân,
Us lyts gekreau is dien!
Dêr't Ingels ús omwiuwe
Kin niid en haet net bliuwe:
Sa bin w' as broerren ien!

Taheakke

GESANG 231

1. Klopjende oan 'e doar fan 't herte
Ropt de Breugeman aloan:
"Op, oerein, it is al moarn.
't Wachtsjen jowt de Kening smerte;
Breid, 'k ha dy al tiden kend,
Jow my tagong yn dyn went!"
2. Mar ik doch de doar net iepen;
Skrousk en kåld en út 'e klean
Ha 'k gjin moed om op to stean.
't Lichem jowt him wer ta sliepen
Mar it hert, fan langstme fol,
Wit dochs hwat dat klopjen wol.
3. Kristus, wachtsjende can dyn doarren,
Wist hoe 't Hy dy fine soe.
Hert, dat altyd noch net woe,
Håld mar op dy to forwarren,
Lit Him net mear klopjend stean,
Ienkear moat Er binnen gean.
4. Sommest om Him yn to litten,
Dan wurdt strak dat klopjen stil.
Hwa 't Him dan wer fine sil
Moat Him sykje op alle strjitten
Yn in neare tsjusternis
Dêr 't gjin spoar to finen is.
5. By de doar fan dizze tiden
Kloppet wer de Breug'man can:
"Op, oerein, it is al moarn!
Nou't de sinne, lang forbide,
Rize sil, nim op dyn klean,
Om foar 't deiljocht klear to stean!"

GESANG 121

1. God ropt ús, bruorren, ta de die,
Syn hearlik Ryk forriist;
Kom mei, wês ré om eltse wei
To gean, dy't Hy ús wiist.
Wy witte, dat, hwat barre mei,
Dochs inkeld wint, dy't doar,
En dy 't himselme weijsen wol
Draecht fjûr op 't tsjuster spoar.
2. God ropt, en Sines is de krêft,
Dy 't ús, yn swakheit, driuwt.
Dit is de freugd, dat Hy ús stjûr
Us doel en beaken bliuwt.
Dat Hy ús toant de mienskip, dy't
Oer alle grinzen tsjocht,
Dêr 't alle minsken bruorren binn'
Yn 't iene Godlik ljocht.
3. God ropt, en hwat de minsken skaet,
Dat wêz' gjin skieding mear;
Syn leafde meitsj' ús mei'noar ien
En ien mei Him, de Hear.
Hwant hoe 't de wrâld ek woedzje mei,
Dochs is it God, dy't wint,
En yn in elk dy't Him biheart
It nije Ryk bigjint.

GESANG 149 : 3

Hear, üntfermje Jo oer ús,
Slach de earmen om ús hinne;
Stoart Jins seine út oer ús,
Jo, dy't ús Erbarmer binne!
Ivich bliuwt Jins trou bisteane,
Lit ús net to'n ûnder gean.

GESANG 228 : 1

Nim myn libben, lit it, Hear
Tawijd wêze oan Jins ear.
Dat myn libben, eltse dei,
Jo, Hear, loovje en tsjinje mei.

- - -

PSALM 84 : 1, 2, 6

1. Hoe leaflik bin Jins wenten, Hear!
Myn freze en rou, myn sielesear
Kin oars dochs nearn' as dêr genêze.
Myn hert is djip yn my oerstjûr,
Fan baernend langstme rint it oer,
By 's Heare foarhôf wol ik wêze!
Myn siel en bloed, nei bang bislot,
Hja geije ta de libb'ne God.
2. Hjir fynt de faeije fûgel rêt,
De skouwe swel it feilich nêst
Bitroud foar har en foar har jongen.
Dit is hwat'k alderdjipst bigear,
Om by Jins alters jimmermear
Myn God en Kening lof to sjongen;
Loksillich dy't hjir wenje mei,
Om Jo to priizjen nacht en dei!
6. Hwant God, de Hear, sa goed, sa myld,
Is to aller tiid ús sinne en skyld,
Hy sil genede en eare skinke.
Dy 't mei oprjocht en suver hert
Him folgje, ünthâldt Er 't goede net,
Dy wol Hy mei syn heil bitinke;
Wolsillich, Hear, dy't op Jo bout,
En yn Jins hân syn libben jowt.